


Wy binne like thús yn de buert as jo

De Rabobank is in bank
mei in idee. It idee dat je
meiinoar sterk binne.
Eltse Rabobank stiet
midden yn de mienskip.
Dêrom binne wy faak
belutsen by aktiviteiten
yn it bedriuwslibben,
ferienings en skoallen.
Wy witte wat der
libbet, ek as it net
om banksaken giet.
Koartsein, wy binne
in bank dy't like thús
yn de buert is as jo.



Rabobank

De Gordyk-Jobbegea en Omkriten

Tillefoan: 0513 - 467 467

mei kantoaren te:

De Gordyk, Jobbegea, Langsweagen, Lippenhuzen,
De Tynje en Ny Beets



Deiwurk by jûntiid



”Rjucht en Sljucht” De Tynje

spilet sneon 16 desimber 2000 yn seal ”Overwijk” op ’e Tynje
de jûns om 20.00 oere it stik

Deiwurk by jûntiid

In klucht yn 3 bedriuwen fan R.van Ling. Fryske oersetting troch A.G. Hof

Persoanen:

Age Seldenrust	-	Simen Albada
Rymkje Roskam	-	Reina Reinsma
Sapke Tilstra	-	Marrienne Lok
Geeske Lusthof	-	Boukje Kooi
Styntsje Ligthart	-	Joukje Klabbers
Wike Koai	-	Janke Tiekstra
Tiete Majoor	-	Trudy Wiersma

Regy	:	Herman Emmelkamp
Ynstekker	:	Piet de Leeuw
Beljochting, lûd en dekor	:	Decolight
Grime	:	De grimeploech

It stik spilet him ôf yn de wente fan Age Seldenrust. It is earne yn ’e hjerst; de dagen koarte al moai yn en de jûnen wurde langer. En mei dat de jûnen langer wurde, kriget Age it hieltiden drokker en drokker! Deiwurk by jûntiid dus. It rint him suver oer de skuon. Slagget dizze ”Casanova” deryn om syn saakjes op oarder te hâlden?

Yn dizze klucht kinne jo sjen hokker meneuvels Age meitsje moat om syn libbens-filosofy yn stân te hâlden. It slagget fansels net en de froulju yn syn libben dogge der alles oan om it him goed lestich te meitsjen!

In suvere klucht dy jo net misse kinne!

Nei it stik dûnsjen mei muzyk fan:

”Pallas”



Tinke jo om jo stiperskaart!!!!

Generale:

Tongersdei 14 desimber de jûns om 19.30 oere.
Frije tagong foar stipers en jongerein oant 18 jier.

Tagongspriis foar net stipers en jongerein
fan 18 jier en âlder f 5,-.